LEEUWARDER COURANT

04 november 2011 , pag. 8

DWERS

pieter
de groot

Ut 'e skulp

Wittenskiplik ûndersyk hat al lang en breed oantoand dat meartalich ûnderwiis de behearsking fan alle talen te'n goede komt. Sjoch it sukses fan de trijetalige skoalle. It Frysk soe alsa ek yn it fuortset ûnderwiis ien fan de fiertalen wêze moatte, neist it Nederlânsk en Ingelsk. Likegoed leauwe gâns lju noch hillich yn it foaroardiel dat jo mei it Frysk net fierder komme as de Tsjonger.
Bûksiik waard ik bygelyks fan dy politike behanneling fan it rapport-Hoekstra yn de Twadde Keamer. De oanbefellingen út it rapport oangeande it oerheveljen fan it foech nei de provinsje waarden sûnder deugdlike ûnderbouwing fersmiten. Keamerleden, dy't fan stoater noch moater witte, stelden de kwaliteit yn 'e kiif, nee net fan it Frysk, mar fan it ûnderwiis yn it algemien, dat algeduerigen tekoartsjitte soe neffens de ûnderwiisynspeksje. Dy ynspeksje hat ferlike mei eartiids in ûnevenredich grutte ynfloed op publyk en polityk.

Politisy roppe mar wat

Eartiids gongen ynspekteurs de skoallen lâns en makken letter in ferslach, dêr't de skoallen dan har foardiel mei dwaan koene. No is de ynspeksje ûnder it mom fan transparânsje in rjochtbank wurden dy't fûniset. Dat fûnis wurdt breed útmetten yn de media en dêrnei kin elk der frij op sjitte. Lykas de VVD'er Ton Elias dy't op grûn fan de klok sûnder bingel pleitet foar ôfskaffing fan it Frysk yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. De PVV eamelet lûdop oer in lytser wurdend draachflak en wol der hielendal fan ôf. It CDA stiet oan op it ûntwikkeljen fan rykstoetsen, om't dy der neffens de ynspeksje amper binne: dêrmei is dus bewiisd dat se mar wat út 'e nekke kletse, dy saneamde ûnderwiiswurdfierders fan de koalysjepartijen anneks 'gedoogpartner'.
Tajûn, ûndersiken as dat fan Greetje van der Werf fan de Rijksuniversiteit Grins, dat oantoant dat de Fryske skoallen kwalitatyf efterrinne by skoallen yn de oare provinsjes, helpe ús net, mar wêrom moat it Frysk dan fuort de kop fan Jut wêze? Foar wa't de muoite nimt sels de saak troch it gat te sjen, is dêr alhiel gjin oanlieding ta. Sjoch de resultaten op de trijetalige skoallen.
Better net te witten is de iennichste presjegroep dy't him fûl rjochting De Haach oppenearret, de Feriening Frysk Underwiis. Mar dy klup bestiet út pensjonado's, dy't allang út it wurk binne. Wêrom oppenearje de leararen, dy't mei de tsjinwurdige praktyk fan wjerstân en foaroardielen te meitsjen hawwe, har net fûlder? Wurdt it net heech tiid om út 'e skulp te krûpen en har mei-inoar te skoar te setten tsjin de Haachske roppers en razers oer?

> pieterjan.de.groot@planet.nl